Het enthousiasme en de inzet van de vrouwen is groot. Lesmogelijkheden, machines, materiaal en bedrijfsruimten zijn echter nog zeer schaars. De opbrengst van dit Kerstboek is bestemd voor dat projekt van de vrouwen van Tondo.

Kerstboek voor Tondo, formaat 22,7 x 28,3 cm, omvang 112 pag., 10 vierkleuren- en 18 zwart-wit illustraties. Prijs Hfl. 22,50.

Voorwoord van Prinses Irene.

28 medewerkers, o.a. Toon Hermans, Belcampo, Bertus Aafjes, Harriët Laurey, Rien Poortvliet, Jan Terlouw en Anton Pieck.

De bern fan 'e sneinskoalle út Garyp wolle safolle mooglik fan dizze boeken ferkeapje. Ynljochtings of te bestellen by Marije Koopmans, till. 05117 - 1272, b.g. 051127 - 1726.

### OOK DIT JAAR ZIJN WIJ WEER HOFLEVERANCIER VAN ST. NICOLAAS

U vindt bij ons o.a.:

- |                  |                     |
|------------------|---------------------|
| * Ontbijt lakens | Dekbedovertrekken * |
| * Lakensets      | Sierkussens *       |
| * Tafelkleden    | Badhanddoeken *     |
| * Zakdoeken      | Sokken *            |
| * Dassen         | Shawls *            |
| * Enz.           | Enz. *              |



Op alle artikelen, ook:

TAPIJT, OVERGORDIJNEN, BEDDEN enz.

ontvangt U MIJ/ERO-bonnen

BUORREN 22

TEL. 1258

OUDEGA (Sm.)

KOOISTRA'S

TEXTIEL

# Vergadercentrum It Miensker

Tel. 05127 - 1398-1300



Uw adres voor:

VERGADERINGEN

BRUILOFTEN

en

FAM. DAGEN

## SKIEDNIS

### Dit wiene ek Aldegeasters

#### RADIO

Oan'e Gariperwei hawwe Douwe en Minke wenne. Douwe Herder wie yn syn tiid yn it doarp in bekend, ja faaks wol in ferneamd man. Hy moast it doarp skjinhâlde fan hynste- en kowestront en oare smoargens, want Douwe arbeide foar de gemeente, hy wie dykarbeider. Hy wie wat in rûch man, d.w.s., dat it him net sa folle skele koe hoe't er der by rûn; meastentiids hied er wol in brún rântsjie yn'e mûlshoeken, want Douwe wie in ferwoeden prûmker, en op in sneintemoarn kaam er ris de tsjerke yn wylst him in fikse tippe wyt himd ta de gulp út hong. De hiele kreake rûsde as ien man oerein om dat fenomeen te sjen.

Yn'e besettingstiid wiene de Dútsers hjir de baas en ús folk mocht net folle mear dwaan. It tilde fan ferboaden, fan geboaden nammers ek. Koper moast ynlevere wurde, allyksa de radiotastellen. Manlju moasten nei Dútslân ta om dêr yn'e fabriken te arbeidzjen. Douwe hie syn radio net ynlevere en hy harke geregeldwei nei Radio Oranje en nei de nederlânsktalige útstjoerings fan de BBC. En it nijs dat er dêrwei krige te hearren hold er ek net foar him sels. Krekt oarsom, as er yn'e Buorren oan't wurk wie die er it te witten oan elkenien dy't mar nei him harkje woe. Al moai gauw wist it hiele doarp dat Douwe noch in radio yn'e hûs hie en him ek brûkte.

It koe hast net útbluwe fansels: Jan Hagel kaam it op it lêst ek te witten. In pear fan dy swarte mantsjes, spuit op'e rêch, setten op in dei nei de Gariperwei ta. Douwe wie aldergeloks thús, Minke hie der faaks mei oan west, mar Douwe wie de sitewaasje wol treast. Der wiene ek in pear jonges yn'e hûs, dy't eins yn Dútslân wêze moatten hiene. Doe't de lânwachten der oan kamen skeaten de jonges op in gisel-draaf it skûlplak yn, de radio stie al ûnder de keamersflier.

"Wy ha heard", seine de Hitlerfeinten, "dat jo noch in radio yn'e hûs ha moatte. Is dat sa?"

"Jawis," sei Douwe, "jawis mannen, dat is sa hear. Jim kinne der wol eefkes yn komme as jim him sjen

wolle".

De iene Hitlerfeint seach de oare ris oan. Dat hiene se noch net faak meimakke, dat ien sa flot syn sûnde opbychte. Hja stapten oer de drompel en rûnen efter Douwe oan de keamer yn.

"Sjoch, hjir stiet er", sei Douwe en rûn op it oargeltsje ta. Hy gong der efter sitten en begûn te spyljen en te sjongen: "Getrouwe God, de heid'nen zijn gekomen. Zij hebben stout uw erfdeel ingenomen . . .".

Der waard letter yn it doarp ferteld, dat ien fan de lânwachten mei triennen yn'e eagen de doar wer út kaam. Oft de wurden, dy't Douwe song, him sa yn it moed taast hiene, of dat it fan Douwe syn ôfgryslík falsk sjongen kaam — hy song mei gemak yn ien ferske de DO op trije ûngelikense hichten — dat is eins nea net rjocht bekend wurden.

L. de J.

### MEAR WITE FAN EIGEN KRITE

#### Fan in fier ferline


Ienris, withoelang lyn, kamen hjir de earste minsken te wenjen. Withoelang lyn is wat in diznich begryp fansels, minsken wolle graach wat hâldfêst hawwe, mar wy witte it net krekt, lit ús mar oannimme, dat it sa likernôch twa tûzen jier lyn is. Likernôch twatûzen jier lyn setten de earste Aldegeasters harren hjir nei wenjen, want it is sawat 2000 jier lyn, dat de Friezen nei dizze kontreien ta teagen. Doe't se dizze lânsdouwen binnen teagen sille se lieder hân hawwe, meie wy oannimme. Lieders, dy't de binnenkommende famyljes it plak oanwiisden dêr't se wenje moasten en de grinzen fêstleine fan it gebiet, dat fuortoan harren kollektyf (mienskiplik) eigendom wêze soe, it plak dêr't harren ekonomysk libben him fuortoan ôfspylje soe.

Dy fiere foarâlden fan ús hiene boulân, weidlân en mieden nedich, want hja wiene boer. Sy fûnen hjir dus in gaadlik plak foar harren bedriuw, want Aldegea leit ormmers op in moai hege sânplaat, mei dêrom hinne lege lannen en wetter. Boulân moat net ûnder wetter strûpe kinne en it heechste part fan'e sânplaat strûpte der net ûnder, de lannen deromhinne wol; Fryslân lei doe iepen foar ebbe en flood. Op it hege part kamen dus de wenten, de boerespullen, te

stean (Buorren) en deun by de pleatsen lei it bou-  
lân.

Elkenien wie boer yn dy tiid, ek de preester, dy't  
ta de mienskip hearde. In wichtich persoan, dy  
preester. Hy wie de man troch wa't de heimsinnige  
bûtenierdske machten sprieken, mar hy wie tagelyk  
ek de tolk fan de mienskip foar de geastewrâld oer.  
Hy hie part oan de minskemaatskippij, mar ek oan de  
geastewrâld. Hy wie it medium tusken dy twa.

De boerepleatsen, dy't de earste bewenners hjir  
bouden, sille der wol sawat útsjoen hawwe as dy op'e  
tekening hjirûnder.



Elkenien wie dus boer, yn't earstoan teminsten, en  
it boulân lei ticht by de buorren, dat wie gaadlik,  
want bou ferget in protte omtinken fan de minsken.  
De Geasten wiene doe gaadlik foar boulân. It Fryske  
wurd geast betsjut ommers: hege, sânige grûn. Ek  
oan'e noardkant fan'e buorren hat boulân lein, op  
in âlde kaart fine wy dêr it wurd Buorster ikkers,  
dat wiene de lannen dy't oan'e Gariperwei lizze.

Dy âlde bewenners fan Aldegea foarmen meiinoar  
in soarte fan kommune, in kollektiviteit, dêr't  
hja yn wurkje moasten meiinoar. Alle grûn, útsein  
it hoarnleger, wie fan de mienskip, wie harres mei-  
inoar, alle hûshâldingen hiene rjochten op dy grûn.  
Dat begryp grûn omfette it hiele doarpsgebiet, de  
hiele himrik, net allinne it boulân, it weidlân, de  
mieden, mar ek eventuële heidefjilden, bosken,  
feanen en ek de wetters, wegen, ensfh.

Ien fan de earste dingen dy't ús foarfaars hiene  
te dwaan wie in wente bouwe foar beskûl, mar tage-  
lyk ek boulân onmeitsje, want der moast iten komme,  
foar minske en dier. En dêrnei waard, neffens be-  
hoeftte, it boulân ferdield ûnder de hûshâldings.  
Dy krigen it net yn eigendom, it boulân bleau eigen-  
dom fan de kollektiviteit, fan de mienskip. Omdat  
mienskiplike, dat kollektive eigendom útkomme te  
litten wikseljen de boulannen alle jierren fan brûker,  
sa koe net ien brûker sizze: dit is mines en dat dines.  
Dy boulannen foarmen dus in miensker.

Mar op'en doer foldie dy manear fan lânbrûken  
net, foar it boulân net teminsten. Der wiene doe ek  
wol skjinne en smoarge boeren en as in skjinne boer  
in stik lân brûke moast, dat it jiers dêrfoar troch  
in smoarge boer brûkt wie dan joech dat argewaasje.

Yn'e gearkomst fan de mienskip waard oer soksoarte  
saken praat en by eintsjebeslút waard ornearre, dat  
it mar better wie om it boulân yn partikulier eigen-  
dom te jaan. Lang om let binne de doarpslju it iens  
wurden oer it ferpartsjen fan de bougrûn en fan dy  
tiid ôf koene de hûshâldings siedzje, wjûde en rispje  
op eigen grûn. En by it ferpartsjen fan it lân krigen de  
boerehûshâldings ek wer lân yn eigendom neffens  
behoeftte; it tal ljippenstâlen dat hja krigen koe fan  
de iene hûshâlding dus grutter wêze as fan de oare.  
Alle lannen dy't om it boulân hinne leine bleaune  
dus mienskipsbesit, dus it weidlân, de mieden, heide,  
bosk, ensfh.

No is hjirboppe niis alris it wurd Aldegea brûkt,  
mar dat wie net alhiel krekt, foar it oanbegjin temin-  
sten net. Want yn it oanbegjin wie der gjin ferlet fan  
in namme. Dat ferlet kaam der doe't noardeastlik  
fan ús foarâlden har ek minsken nei wenjen setten,  
doe't him dêr ek in doarp begûn te foarmjen. Doe  
waard de âldste bewenningskearn Adegea neamd,  
de jongste Nijegea. It efterste stikje fan dy beide  
nammen, it wurdje gea, hie âldtiids twa betsjuttings.

**SPAR Z.B.**  
**W. JELSMA**  
**Buorren 13**  
**Tel. 05127 - 1439**

**Voor al uw:**  
*Levensmiddelen*  
*Drogisterij-*  
*Hengelsport- en*  
*Huishoudelijke artikelen*



**\* Choc. letters van VERKADE**

**\* Speelgoed en luxe artikelen:**

*M.B. Spellen van de T.V.*  
*Dokter Bibber*  
*4-op'n rij*  
*Yahtzee*  
*Zeeslag*  
*Valkuil*  
*Numbers-up*

**\* Tegels met Friese motieven**


**\* Spreukborden**

**\* GOUDA KAARSEN**



**Verder o.a.:**

*Weekend*  
*Ponyclub*  
*Bouquet*  
*Jasmijn*  
*Bianca*  
*Jerry Cotton*  
*Hollister*  
*Colt 45*  
*Puzzelboekjes*



Soune fuotten  
binne wichtig  
foar jo hiele  
**WOLWEZEN**

Hawwe jo lêst fan jo fuotten?  
Wolle jo in kundige forsoarging?


Skilje dan: 05127 - 1764

Foar bihanneling by jo thús

Gedipl. Pedikuere:  
**A. Bruinsma - Mud**  
**Eastersanning 22**  
**Aldegea**



WAT KUNT U KOPEN IN DE



Sânbuorren 1 9216 VB Oudega (Sm)

**DIERVOEDERS** voor GROOT en KLEIN vanaf 1 kg  
en **TUINBENODIGDHEDEN**

Rundveevoeders	x	Diergeneesmiddelen
Vogelvoeders	x	Reiniging/ontsmettingsm.
Huisdiervoeders	x	Zeeppoeders
Stro/hooi	x	Bestrijdingsmiddelen
Granen	x	Erfverharding
Peulvruchten	x	Overals/spijkerbroeken
Aardappelen	x	Klompen/laarzen

Wij bezorgen elke week

op vrijdagmorgen in:

Oudega, Eernewoude, de Tike, Nijega, Opeinde.

En op maandagmorgen in:

Rottevalle, Boelenslaan, Houtigehage, Dr. Compagnie en Drachten.

De bestelling dient één dag van te voren worden opgegeven.



De iene betsjutting wie dy, dy't it no noch hat, ntl. gebiet, lânstreek, lânsdouwe, tink mar oan It Fryske Gea. Mar de twadde betsjutting wie: doarp. En dy betstjutting hat it yn Aldegea en Nijegea, it âlde en it nije doarp. De bewenners fan de beide doarpen waarden it iens oer de krechte grins fan de beide himrikken (doarpsgebieten) en dy grins krige doe in merkstien, de Blauwe Stien.

L. d. J.

(Tenei mear)

**FAN ALLES WAT**

### IN BAKPLAAT FOL SNEINSE APELTAART

3 sokkommen fol simmel of patentmoal

2 sokkommen fol haferflokken

1 sokkom fol reitsûker

plm. 1 pakje bûter (sâlt)

1 1/2 theelepelsje krûdneil (iosse)

1 1/2 theelepelsje keniel

1 1/2 theelepelsje nutemuskaat

Safolle bûter brûke dat it in krommeldaai wurdt, dy't mei de hân ta in bal foarme wurde kin. Tefolle bûter is net goed.

Soere apel yn kantige sintimeter grutte stikjes snije

Hânfol sesamsied

1/2 sokkom fol sinneblompitten

1 sokkom fol rezinen

4 theelepels krûdneil

4 theelepels nutemuskaat

4 theelepels keniel

1 pot flearbeien of cranberryjam



Trochinoar arbeidzje en op it daai útstrike. De taart ien oere op stân 5 - 6 of op 240 - 275° C. yn'e oven bakke litte. Wurdt it net brún genoch, dan it leste kertier op in hegere stân sette. Wurdt it tegau brún, dan der in grut fel aluminiumfolie oerhinne

lizze. De iene oven is de oare net.

De rest dy't jo net opite, kin good yn'e friezer be-  
warre wurde.



### OPLOSSING PUZZEL OKTOBER:

#### HORIZONTAAL:

1. gebogen, serge, tel 2. eleve, lommer, doge 3. d.l.,  
gezin, ai, moor, ak 4. u, er, ram, aar, eem, tap 5. leis,  
goed, odin, eli 6. dupe, per, roi, aal, er 7. zwager,  
baret, edda 8. Opa, mr., aas, lap, ruim 9. no, teil,  
riv, levi, ti 10. drank, omega, laf, id. 11. ei, ate,  
neder, ir, pee 12. rel, planeet, kelen 13. de, bagger,  
diana, be 14. ij, melee, dessa, bars 15. kus, mi,  
renet, na, lvt.

#### VERTIKAAL:

1. geduld, zonder, dijk 2. el, leeuw, porie, emu  
3. begrip, aat, aalbes 4. over, segment, palm 5. gezag,  
perikel, gei 6. elim, oeral, onager 7. nona, erbarmen,  
ede 8. smaad, ras, ieder, en 9. emir, oorlog, eed, se  
10. remedie, al, artist 11. groei, at, pelikaan 12.  
edom, na, ervaren, ba 13. tortelduif, plaat 14. egaal,  
editie, ebro 15. lek, piramide, nest.



As der gjin ynstjoering komt fan oare grapkes of  
riedsels, dan is dit de lêste kear om't myn foarrie op  
is.

Der stean trije manlju op in rige mei de noas nei de  
oare syn rêch. In fjirde man hat twa wite en trije  
swarte hoeden en set alle trije manlju der ien fan  
op'e holle. Hy seit tsjin de efterste: "witte jo de kleur  
fan jo eigen hoed?". De man seit: "nee". De middel-  
ste seit op deselde fraach ek "nee" en de foarste, dy't  
de oare twa net sjen kin, sei op deselde fraach "ja,  
sannen ien". Hokke kleur hoed hat er op'e holle?  
DUS: de efterste man sjocht twa manlju en de kleu-  
ren fan de twa hoeden en seit "nee". De middelste  
sjocht ien man en ien kleur hoed en seit "nee".  
De foarste sjocht neat mar wit út it antwurd fan de  
twa oaren "Sa'n kleur hoed haw ik op".  
Hokker kleur is dat?



## Zoekt u een leuk St. Nic. cadeau?

Dan treft U het want wij geven op alle  
NIEUWE GOUDEN- EN ZILVEREN SIERADEN

20 - 50% KORTING

Nergens meer keus,  
eigen service werk-  
plaats en alles met  
garantie.

Bij "DE SLAG" kopen  
is vertrouwd kopen.



Enorm veel keus in verlovingsringen (bekende merken)  
Nieuw is onze afdeling OOSTERSE TAPIJTEN,  
al vanaf f 25,- een leuk handgeknoopt kleedje,  
en tevens doorlopend antiekshow.

"DE SLAG"

Selmien 2 - OLTERTERP

Aan de weg achter de zuivelfabriek, richting Ureterp  
Telefoon 05125 - 1695

Hoe fet sopje oarelju's petielen,  
en buorlju's kij jouwe grutte mielen.



Lit jo skilder-, bihang- en glêswurk  
fersoargje troch in fakman.

SKILDERSBIDRIJW  
KUIPERS

Buorren 36  
Till. 1668

Heit slacht men, mem slacht my, ik slaan de hûn,  
sei de jonge, op sa'n manier dogge wy alle trije wat.

# doarpsomropperke



*Post oer dit bêrnehoekje stjoer dat mar nei:  
Loltsje Ritsma, Dykfinne 2  
of nei:  
Sari Bouma, Buorren 28A*

## BERNEFEEST

No is it wer safier: Sinterklaasjoun. What hawwe in protte bernehertsjes hjir nei útsjoen, op skoalle, op'e tillefysje, thús, oeral wurdt omtinken oan dit kadofeestjoun. De Mivero wie fan miening, mei Sinteklaas, dat syn besite oan ús doarp net to betiid barre moast om de lytskes net to lang yn spanning to hâlden. Mei syn piten en in skipfol kadokes komt de goedhillich man op saterdei 28 novimber de middeis om 2 ûre, op'e wal oan. It bestjûr sil him wolkom hjitte en de Aldegeaster drumband sil tromslaen dat it sta-seit. Nei in rydtoer mei de hystewein fan Fokke Steenstra, sil dan yn't Miensker in gesellige middei foar ús lytskes fersoarge wurde, in blaesmesykje en in poppekast, mei snoepkes, synasappels, drinken en mear what lekker is, sil dit grif foar in moaije en foar de bern en Sinteklaas en'e piten in noflike tiid wêze. Dus jonges en famkes fan'e leegste klassen t.e.m. 9 jier mar tige oan't Sinteklaasferske learen. It komt jim fêst to'n goede.

Ut namme fan  
Sint en piten, wolkom



Ri - Ra Riede mar.

1. Hokker letter kinst ite?
2. Hokker nûten kinst net ite?
3. Hokker "pyne" is lekker?
4. Hoffoar hynder wurdt wolris ynpakt?

1. Sûkelade letter  
2. Muzyk nûten  
3. Marspepyn  
4. Hobbelynder



6 desimber

*Wa ried fannacht op ús dak?  
Ik hearde poatsjes stappen.  
Ik wit it wol: it wie Sinteklaas!  
Dat kin in bêrn wol snappe.*

*En heardest dat ratteljen net  
fan al dy pipernûten?  
Hoe docht er dat! De doar wie ticht,  
en it rût wie ek slûten!*

*Aanst sil ik sjen of hy al  
myn skuontsje fol dien hat.  
Wat soe it wêze? Wist ik it mar!  
Ik kin hast net mear wachtsje.*



Hawwe jo in frieskast of -kiste?

En wolle jo der graach poerbêst bôleguod yn ha?

Skilje ús dan efkes

Wy komme moandeis en tiisdeis mei bakkersguod  
yn Aldegea

**Waarme Bakker  
J. JELSMa**

**Boarnburgum**

**Tillefoan 05126 - 1215**

Ek yn Burgum ta jo tsjinst mei:

- Underhâld
- Ferbou
- Nijbou
- Ferkeap boumaterialen


M.y.f. plm. 15 desimber

**D. BERG SMA**  
Oppendijk van Veenweg 38c  
**BURGUM**  
Till. 05116 - 4098



## **Reidinga b.v. - Oudega**

**TELEFOON 05127 - 1323 - 1988 - 1993**



- \* **GRONDWERKEN**
- \* **AANLEG LANDBOUWWEGEN**
- \* **WEGVERHARDING**
- \* **BESTRATING**
- \* **KIPPERTRANSPORT**
- \* **BULDOZERWERK**

**Levering zand**



Snoep verstandig, eet een appel of een peer,  
ook mandarijnen en sinaasappels zijn er volop weer.  
In groenten (ook gesneden) hebben we weer ruime keus,  
als U wilt, kunt U elke dag wel weer wat anders eten, heus.  
Wilt U misschien voor het Sinterklaasfeest een fruitmand bestellen?  
Dan hoeft U nummer 1414 maar te bellen.

Tijdens de Sinterklaas-actie geven wij voor 6 kwartjes  
van het jaartal 1980 - 16 mandarijnen.

Aardappel-, Groente- en Fruithandel  
**F. DE HAAN**  
Buorren 42 - Tel. 05127 - 1414

**DE HUISELIJKE SFEERMAKERS**

**MARJAM**  
stylet by Rumix



Modieus  
winterwarm en young styling. U  
vindt dit allemaal in model Marjam - een  
toemodiel uit onze Exklusief kollektie.

**ECHE SNOWBOOT**

**JOSÉ**

De winters is er de eerste plaats voor de  
keur. Daarom moet u alle dingen van dit  
soort maar één keer zien. In de winter van  
1980-1981 - een paar echte  
sneeuwboots! Model 27-80

49,95



**DE VRIES  
BAKKERIJ**  
Tel. 05127 - 1366

- \* SUIKERTAAL
- \* SPECULAAS
- \* BANKETLETTERS, -STAVEN
- \* Eigen gemaakte CHOCOLADE LETTERS



SINT NICOLAAS KOOPT DE  
Pantoffels  
Vachtlaarzen  
Modellaarzen  
en luxe lederwaren het liefst bij



**Lampers  
schoenen**  
Schoolstraat 24, 9251 EG Bergum - Telefoon 05116-1508

**DRUKKERIJ**

**s.o.d. b.v.**  
v.h. Osinga



Boekdruk / Offset / Uitgeverij  
De Giek 17 - 9206 AS Drachten  
Telefoon 0 5120-12468



Dit lietsje kinst spylje op dyn fluite of op it oargel.  
Sjong it dan mar.



Krik krak krik krak Piet - je op het dak Kunst - jes ma ken  
no ten stroo - en  
zwar - te Piet je

op de da ken  
pak - jes gooi - en krik krak krik krak Piet - je op het dak  
de mand ziet je

### SINTEKLAAS OP IT HYNDER

Sinteklaas komt op syn hynder  
út it fiere Spanje wei.  
En hy nimt foar alle berntsjes  
'n hiele protte dingen mei.  
En syn feintsje, fluch en swart,  
dy't de sek foltropje moat,  
fol mei lytse, stoute bern,  
kin sa boas en brimstich sjen.



Sinteklaas rydt op syn hynder  
troch de hege, wite snie.  
En hy harket foar de ruten  
oft d'r ek ien ûndogens wie.  
Dogeneaten, pas mar op,  
hy skriuwt jimme nammen op,  
yn it grutte, tsjokke boek  
en dan krij' jim foar de broek.

Mar wy hawwe allegearre  
hast noch nea ûndogens west.  
En wy diene alle dagen  
earlik altyd flink ús bêst.  
Sinteklaas, ferjit ús net,  
lis wat moais yn klomp of pet,  
en wy sjonge: "Sinteklaas,  
libje lang mei Piterbaas".

### FERFOLG FAN IT BERNEFERHAAL

It lytse famke sei, "Ik wol net boartsje, omdat  
in pear fan dy grutte jonges sa rûch en healwûis  
dogge. Sy regje jin om sûnder dat se dat sa bedoele".

De liuw grânzge "Sy sille my net omreagje" sei er.

"Der is ien grutte jonge - de alder grutste", sei it  
lytse famke. "Hy hjit fan Jan Skraits. Dy reaget my  
altyd mei opsetsin om".

"Hokker jonge is dat?" sei de liuw. "Wûis him ris  
oan".

It lytse famke wûsde Jan Skraits oan foar de liuw.  
"Soa," sei de liuw. "Dus dat is Jan Skraits. Doe  
rattele de skille en de skoalle gong wer yn. De liuw  
rûn mei it lytse famke nei de klasse ta en siet njonken  
har doe't juffer in ferhaal foarlies.

Dêrnei tekenen en skreauwen de bern oan it mid-  
deisskoft ta. De liuw hie hongere en dêrom woed er  
in tekening meitsje fan syn waarme miel. Want de  
bern krigen waarme iten op skoalle.

"Wat ite wy hjoed?" frege er oan it lytse famke.  
"Men soe al hoopje, dat wy fleis krije". "Nee," sei  
it lytse famke. "Wy krije fisk omdat it hjoed freed  
is".

Doe die it lytse famke de liuw foar hoe't er it  
giele potlead beethâlde moast om fisk te tekenjen.  
Under de tekening skreau se: "Ik mei leaver fleis as  
fisk".

En doe wie it itenstiid. De liuw siet op syn stoel by  
de itenstafel nêst it lytse famke. Se krigen fisk, mei



# BOUWBEDRIJF

## D.H. DE JONG

west 22 oudega (sm) tel. 05127 - 1204

uw adres voor  
**NIEUWBOUW      VERBOUW      ONDERHOUD**

eartsjes en ierpelpomp. As neigesetsje wie der keek en puddingbrij. De liuw iet syn panne skjin leech en doe iet er ek noch op wat it lytse famke net mear op koe. Hy iet ôfgrysliek hurd en doe't er alles op hie sei er: "Ik mei noch wol mear; en ik woe wol, dat ik fleis krige hie".

Nei't iten gongen de bern allegearre wer nei it boartersplak ta.

Alle grutte jonges fleagen dêr hinne en wer en de aldergrutste, Jan Skraits, draafde op it lytse famke ta. Hy draafde yn sirkels om har hinne en kaam tichter en tichter by it lytse famke. "Fuort do", sei de liuw. "Soest oars myn boarterke wol omreagje kinne. Gean hjir wei". "Doch ik net", sei Jan Skraits. It lytse famke gong efter de liuw stean. De liuw begûn te sturtgiseljen: swyp! – swap!

Jan Skraits kaam hieltyd tichter en tichter by.

De liuw grânzge. Doe seach Jan Skraits de liuw syn tosken, sa skerp as sabels en messen. Hy draafde net mear. Hy bleau stean. Hy stoareage.

De liuw die de bek wider iepen – sa wûd, dat Jan Skraits syn kielsgat sjen koe, wûd iepen en djip en sa tsjuster as in tunnel. Jan Skraits waard wyt om'e noas.

De liuw brinzge.

Hy brinzge en hy brinzge en hy BRINZGE.

Alle masters en juffers kamen bûtendoar om te sjen wat der te rêden wie.

Alle bern holden op fan boartsjen en stieken de fingers yn'e earen. En de grutste jonge, Jan Skraits, draaide him om en fleach en fleach en fleach – fan it boartersplak ôf – troch it skoallestek – de strjitten del. Hy bleau net earder stean as doe't er thús by syn mem wie.

It lytse famke kaam wer efter de liuw wei. "Sa", sei se. "Ik fyn him net in helt, hear. Fan him sil ik net wer bang wurde".

"Ik hie hunger", sei de liuw. "Ik hie him maklik opite kinnen. Mar ik haw it dy ûnthjitten".

"En syn mem hie 't grif ek net sa moai fân", sei it lytse famke. "Kom, de middeisskoalle begjint".

"Ik bliuw hjir net foar de middeisskoalle", sei de liuw.

"Dan sjoch ik dy moandei wol wer," sei it lytse famke. Mar de liuw sei neat werom. Hy kuiere fuort.

"De moandeitemoarns gong it lytse famke moai op tiid nei skoalle ta, omdat se der diskear sin oan hie. Se kaam ek moai yntiids by skoalle.

De liuw seach se net.

Yn'e klasse neamde juffer de nammen wer op. Se kaam by de namme fan it lytse famke.

"Sytske Pjut", sei se.

"Ja," sei it lytse famke.

"Wuil", rôp juffer.

Net ien sei wat.

Letter, op it skoalplein, kaam de grutste jonge op it lytse famke ta.

"Wêr is dyn boarter dy't sa lûd praat?" sei er.

"Oh, dy is der hjoed net", sei it lytse famke.

"Komt er dan op in oare dei faaks wer?" frege de grutste jonge.

"Ik tink fan wol", sei it lytse famke. "Ja hy sil grif wol wer komme. "Dat docht er grif. Do moatst dy dus mar te wacht nimme, Jan Skraits".



## SOSIALE WURKLIST



### WIKE-EINTSJINSTEN HUSDOKTERS

fan freed 17.00 oere oan't sneintejûn 24.00 oere.

6 desimber	J.S. Meyboom Kommisjeweï 120	De Pein 05127 - 1261
13 desimber	C. v. Staveren Rondeel 56	Aldegea 05127 - 1262
20 desimber	H.J. Amelink Greate Buorren 22	Garyp 05117 - 1264
Tongersdei 24 des. oan't snein 27 des. 24 oere	C. v. Staveren Rondeel 56	Aldegea 05127 - 1262
Tongersdei 31 des. oan't snein 3 jan. 24 oere	J.S. Meyboom Kommisjeweï 120	De Pein 05127 - 1261

### GROENE KRUIS

Spreekuur S. Hemminga, Bergum: maandag t/m vrijdag tussen 12.30 - 13.30 uur onder nummer 05116 - 1806.

Dienstdoende wijkverpleegkundigen zijn de weekeinden te bereiken van 13.00 tot 14.00 uur en van 18.00 tot 19.00 uur onder nummer 05120 - 12105 te Drachten.

### STICHTING GEZINSVERZORGING SMALLINGERLAND

Spreekuur alle werkdagen van 8.30 tot 9.30 uur.  
Tel. 05120 - 19005, De Oppers 1b, Drachten.

### MAATSCHAPPELIJK WERK SMALLINGERLAND

Spreekuur te Drachten, Berglaan 62, tel. 05120 - 17235, alle werkdagen van 8.30 - 10.00 uur; verder op afspraak.  
De gehele dag zijn er medewerkers op de Berglaan aanwezig.  
De informatie en advieswinkel is elke werkdag geopend van 9.00 - 11.30 uur en van 14.00 - 17.00 uur. Donderdags bovendien van 19.00 - 21.00 uur.

### BIBLIOTHEEK

Openingstijden:

Woensdag:	13.30 - 17.00 uur 19.00 - 21.00 uur
Vrijdag:	13.30 - 17.00 uur 19.00 - 21.00 uur

In "It Miensker", Fabrykswei 13a, tel. 1398.

### OPENINGSTIJDEN:

#### POSTKANTOOR

Maandag tot en met vrijdag:

8.30 - 12.00 uur
13.00 - 17.30 uur
Woensdagsmiddags gesloten.
Tel. 05127 - 1258

#### RABOBANK

9.00 - 12.00 uur
13.30 - 15.30 uur
Donderdagsavonds:
17.00 - 19.00 uur
Tel. 05127 - 1533

### NED. MIDD. SPAARBANK en ASS. KANTOOR

It West 3, tel. 05127 - 1296

Open van : 9.00 - 12.00 uur  
13.30 - 17.00 uur en op afspraak.

### UITVAARTVERENIGING "DE LAATSTE EER" OUDEGA

Inlichtingen over begravenis of crematie enz. Afspraken alle werkdagen. Pennm. G. Kooistra, Buorren 22, tel. 05127 - 1258. Bode A. van Keimpema, Fabrykswei 17, tel. 05127 - 1206. Denkt u er aan dat kinderen vanaf 18 jaar zelfstandig lid kunnen worden?

### TSJERKETSJINSTEN

Griff. tsjerke, dûmny H.J. Nolles, till. 1223

6 des.	9.30 oere	H.J. Nolles, Hillich Nachtmiel
	13.45 oere	H.J. Nolles
13 des.	9.30 oere	G. Rikkers, Sumar
	13.45 oere	G. Rikkers, Sumar
20 des.	9.30 oere	G. Rikkers, Sumar
	13.45 oere	H.J. Nolles
25 des. 1e Krystdei	9.30 oere	H.J. Nolles
	13.45 oere	I. v. Til, De Hemrik
26 des. 2e Krystdei	9.30 oere	H.J. Nolles
27 des.	9.45 oere	G. Brouwer, Drachten
	13.45 oere	G. Brouwer, Drachten
Aldjiersjûn	19.30 oere	H.J. Nolles
Nijjiersmoarn	9.30 oere	H.J. Nolles
Herf. tsjerke, dûmny J.H. Hamoen, till. 05117 - 1228		
6 des.	10.30 oere	M. Loltzma, Drachten
13 des.	10.30 oere	J.H. Hamoen
20 des.	10.30 oere	O. Zanstra
24 des. Krystnachtsjinst	10.00 oere	A.K.W. Douma, Hurdegaryp, m.m.f. sjongkoar "De Lofzang"
25 des. 1e Krystdei	10.30 oere	J.H. Hamoen
26 des. 2e Krystdei	19.00 oere	Krystfeest mei de bern fan'e sneinskoalle
27 des.	10.30 oere	O. Zanstra
Aldjiersjûn	19.30 oere	A.K.W. Douma, Hurdegaryp



VEEHOUDERS VAN OUDEGA



Laat ook in het komende winterseizoen Uw werkzaamheden door het loonbedrijf doen.

Fa. TOERING

staat voor U klaar om voor U o.a.:  
te KUILSNIJDEN, SLOOTREINIGEN, WALKANTSNIJDEN,  
MEST- EN GIERVERSPREIDEN, GREPELFREZEN en ook  
KRAAN- EN DUMPERVERHUUR.

Wij zijn ook in het bezit van een motorkettingzaag voor het rooien van Uw boomwallen.

Ernewoude: 05117 - 9387  
Oudega: 05127 - 1582

Beleefd aanbevelen,  
Fa. TOERING

**Drukkerij**

**s.o.d. b.v.**  
**v.h. Osinga**



Boekdruk / Offset / Uitgeverij

De Giek 17 - 9206 AS Drachten  
Telefoon 0 5120-12468